



FOARSTELLINGSFERMOGEN

(Voorstellingsvermogen)

In komysk drama yn fjouwer bedriuwen

troch

AART DOORNEVELD

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma-de Jong

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FOARSTELLINGSFERMOGEN – VOORSTELLINGSVERMOGEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **AART DOORNEVELD** en vertaler: **GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING BANK: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

ROLFERDELING: *(yn folchoarder fan opkomst)*

Akteur Ko van Rijk - In bernige, lompe man, spilet himsels en Henk. Hy ûntwikkelt him as skriuwer fan in nij toanielstik, dêr't er de kening yn spilet.

Ko en Ank hawwe in soarte fan haat-leafdeferhâlding.

Aktrise Ank van der Poer - In sterke frou. Beskôget harsels as in grut aktrise en is dêr ek grutsk op. De motor fan it toanielselskip, mar spilet as Ingrid in tuthola, In saaie frou dêr'tst gau op útsjoen rekkest. As keninginne ferliest se al gau har dominânsje oan 'e kening.

Aktrise Monique van der Vennootschap - In wat domme, ferlegen en ûnsekere frou dy't begjint te strielen yn har rol.

Regisseuze Marleen Gorriscio - Docht har foar as in stoere frou, mar is feitliks in ûnseker persoan. Brekber. Praat oanstellerich.

Sliter Dirk Gall - Foaral in strange heit dy't sels it net sa nau nimt mei de houliksmoraal en libbensgenieter is. Dirk is in man dy't muoilik kieze kin.

Aktrise Willeke van Ammelfooi - Styfdochter fan Dirk. Krijt net folle romte fan him. Se dreamt om te strielen op it wite doek of op it toaniel. In jonge frou dy't der alles foar oer hat om har doel te berikken.

Akteur Huub Stapelmarkt - Freon fan Willeke. Hoewol't er hiele oare dreamen hat as syn freondin giet er oant in bepaalde hichte mei har mei. Hy hat oare takomstplannen, mar hy kin net sûnder har. Praat as prins Hubertus as in wyfke.

TOANIELOANWIZINGEN:

Foarstellingsfermogen is in toanielstik yn in toanielstik. Yn it Earste en it Tredde bedriuw spylje Ank en Ko faak de rol fan respektivelik Ingrid en Henk. Yn it Fjirde bedriuw nimt Ank de rol fan keninginne Isabella op har, spilet Ko de kening, Huub prins Hubertus, Willeke prinses Wilhelmina en Monique in (namleaze) prinses.

Spilers komme oan de rjochterkant fan it toaniel op en gean oan deselde kant ôf, as it oars is stiet it derby. Nei elke sêne dôvet it ljocht even om by it begjin fan de folgjende sêne wer op te ljochtsjen. Behalve by it Twadde bedriuw dêr't de 'yngong' oan de linkerkant sit en der oare ljochtoanwizingen binne. As de spilers yn it Fjirde bedriuw ôfgean, dan gebeurt dat oan de linkerkant fan it toaniel, of it moat oars fermeld wurde. Huub en Willeke spylje yn it Earste bedriuw net mei. Dirk en Marleen ûntbrekke yn it lêste bedriuw.

EARSTE BEDRIUW

Sêne 1

(In aktrise, Ank, en in akteur, Ko, stean ûnfersteanber mei-inoar te praten. In twadde aktrise Monique (Mon.) bliuwt wat op in ôfstân stean, mei de earms oerinoar. Krekt as is se bang foar Ko. Se sjocht ûntwikend nei de flier)

ANK: *(wizend op Ko)* Wêrom moatsto altyd sa lullich dwaan, Ko. Gedraach dy toch ris as in folwoeksen fint.

(In tredde frou kom op, regisseuze Marleen (Reg.)

REG: *(klapt yn har hannen)* It boarterskertier is foarby...

(de trije spilers komme tichterby de Reg. stean)

REG.: Dizze kear dogge wy it folslein oars.

KO: Dat seist de foarige kear ek.

ANK: *(stjit Ko mei kweade eagen oan)* Marleen, bedoelst it spul of de finânsjes?

REG.: *(twiveljend)* Beide. *(se liket even nei te tinken)* De titel fan it nije toanielstik is 'Foarstellingsfermogen'.

MON.: Ik hoopje dat it publyk dat dan ek hat.

KO: *(lêbich)* Grif ek wer sels skreaun?

REG.: Ik snap dy even net, Monique.

MON.: In bepaald foarstellingsfermogen.

ANK: *(konkreet)* Wat sille wy oars dwaan dan?

REG.: Yn it earstoan soe ik it krekt sa dwaan as de foarige kearen, mar wy witte allegear wol dat dat net sa'n sukses wie.

KO: Ik wie miskien wol in bytsje te avant-gardistysk.

REG.: It soe kinne dat 'Augurken binne spionnen fan Mars' wat te heech grypt wie.

KO: Dat wie noch mar it earste part fan de trilogy. It twadde stik wie 'Oaljebollen binne de neefkes fan de Moanne'. En hoe hiet it tredde part ek alwer?

REG.: *(negerret Ko syn opmerking)* Sis, kinne jim my helpe mei de rekvisiten? Wolsto de twa stuollen pakke? Dy binne it swierst. Alles stiet achter de kûlizen. Fierder haw ik noch in kastke mei de tillefoan derop en in bysettaffeltsje noadich. Wolle jim dat pakke, froulju?

(iderien giet links ôf en komme elk mei in rekwisyt op. Ko sleept mei in luie stoel, set dy yn it midden fan it toaniel en giet der pûstend yn sitten .. Ank komt op mei in bysettaffeltsje .. Reg. komt op mei in bysettaffeltsje en in regisseursstoel en set dy oan de linkerkant fan it toaniel)

ANK: Wêr moat dat taffeltsje stean?

REG.: Tusken de twa stuollen, Ank. *(Ank set it bysettaffeltsje del)*

ANK: En it kastke mei de tillefoan?

REG.: Dêr by de doar.

ANK: Wêr sit de doar?

REG.: Oan de rjochterkant fan it toaniel.

(Ank giet ôf. Mon. komt op en sjout mei de oare luie stoel dy't se mei de rêch nei it publyk delset. Ank komt op en set it kastke mei de tillefoan derop oan de rjochterkant fan it toaniel. Reg. hellet in krante út har tas en leit dy op it bysettaffeltsje)

REG.: *(makket mei har wiisfinger in sirkelfoarmige beweging nei Mon. en seit tsjin har)* Omdraaie.

(Mon. draait har om)

REG.: Nee, Monique, net do, mar dy stoel.

(Reg. Wiist nei de stoel dy't Mon. delset hat. Ank sjit har te help)

Ik haw, sa't jim fan my wend binne, tekstboekjes makke, mar ik haw krekt besletten dat wy ús foaral rjochtsje op it Earste Bedriuw, sûnder dat jim witte hoe't it toanielstik ôfrint. Miskien hat dat wol in ferfrissende ynfloed op jim spul.

(Reg. Hellet fjouwer tekstboekjes út har tas en skuort der in part út en goait dat yn de prullebak. Steapelet de tekstboekjes foar in tel opinoar op it bysettaffeltsje, mar lit se by ûngelok falle. Krijt se op en oerlanget dy oan de trije spilers. Se docht in ynkompleet eksimplaar werom yn har tas)

ANK: En, hoe is ús finansjele situaasje?

REG.: Dy is noch beroerder as dat jim tinke.

KO: Augurken binne it kassukses op Mars.

ANK: Hâld no ris op. Do koest net iens in fatsoenlike augurk spylje.

KO: Do wol dan?

ANK: (*belearend*) Ik wit net oftst it troch hiest, mar yn dy foarstelling spile ik in astronaut.

REG.: Feitlik binne wy fallyt. Dizze foarstelling moat dus in sukses wurde.

MON.: Do seist fallyt, is 't net sa?

REG.: No ja, eh, dat sei ik, mar kom, wy begjinne.

KO: Dat seist niis ek al.

REG.: (*fel*) Underbrek my net hieltyd! (*en sjocht Ko ferneatigjend oan*) Dit toanielstik giet oer in troud stel. De rol fan de man is foar dy, Ko. Syn frou is húsfrou. Ank ik tink datsto dy rol it bêste foar dyn rekken nimme kinst. Dizze relaasje wurdt fersteurd as der in jonge frou op it aljemint komt, Monique. Trije kear riede wa't dat spilet.

MON.: Do?

REG.: Ko, yn it begjin fan it toanielstik sit Ank dêr'tsto no sitst.

(Ko sjocht yn syn tekstboekje. Komt oerein en giet ôf. Mon. sjocht fan in ôfstantsje ta. Ank giet op it plak sitten dêr't Ko krekt siet. Ko komt wer op, rint nei de stuollen, pakt de krante fan it bysettaffeltsje en giet mei in plof sitten. Hy springt fuort wer op en raast it út)

KO/H: ¹ Au, au, au.

ANK/I: Wat is deroan, leave. Hast wer lêst fan 'e rêch?

KO/H: (*fielt oan syn kont. (yrritearre)*) Ik ha noch noait lêst fan myn rêch hân.

ANK/I: O, ik sjoch it al. Ik leau dat ik in punêze lizze litten ha. Hilarysk toch?

KO/H: Witst watsto dwaan kinst mei dyn hilariteit?

ANK/I: No?

¹ Tusken fuotnoat 1 en 2 brûke de spilers harren tekstboekjes. Sa kinne se de nije tekst opsizze.

KO: Och, lit ek mar sitte. (*seit tsjin Reg.*) Is dit net in te goedkeape grap? Dat diene wy op de legere skoalle.²

REG.: No ja, eh, dêrom sil it publyk it ek fuort herkenne. Mar it hat moai west foar hjoed. Jim diene it oant no ta goed. Ik soe sizze lear sa gau mooglik jim tekst, dan komt it net op it lêste momint oan, krekt de foarige kear.

(wylst de spilers stadich rinne om ôf te gean)

KO: It foel no wol mei mei de rekvisiten. By 'Augurken' moasten der fjirtich kaktussen op it toaniel stean.

MON.: Ik freegje my ôf wêrom't Marleen sels noait in rol spilet.

ANK: Do witst dat se net sa noadich op 'e foargrûn hoecht.

KO: Neffens my besleat se op it lêste momint dat de rest fan it toanielstik net sa goed wie.

(de Reg. bliuwt allinnich achter op it toaniel. Se hellet in boarstel út har tas en boarstelt har hier. Dêrnei rint se fol ûngeduld hinne en wer oer it toaniel. Krekt as se nei de linkerkant fan it toaniel rûn is, wurdt der oanbelle. Reg. draaft nei de 'doar', docht iepen en lûkt Dirk it toaniel op, dy't even kjel mei iepen mûle de seal yn sjocht)

REG.: O Dirk, myn leafste!

DIRK: Och, myn hertsje wat is it toch altyd in feest om dy te sjen.

REG.: Hoe giet it mei dy, leave?

DIRK: Wat sil ik sizze. It is krisis. Soest tinke dat minsken oan 'e werklikheid probearje te ûntsnappen troch mear te drinken, mar ferjit it mar. Do wolst net witte wat ik allegear doch om de holle boppe wetter te hâlden.

REG.: Fertel my wat. Wy binne hjoed mei de repetysjes fan ús nije toanielstik begûn. As dat neat wurdt dan kinne wy wol ophâlde en it teater slute.

DIRK: Mar jim hawwe hjir noch mar krekt in lûdtichte romte bouwe litten dêr't bandsjes oefenje kinne.

REG.: Ik wit it. Och myn leafste, soesto ús nije produksje net sponsorje wolle?

DIRK: Ik kin sels amper de holle boppe wetter hâlde.

² Sjoch fuotnoat 1.

REG.: Hat dy lêste reklamekampanje noch wat opsmiten?

DIRK: Nee, neat.

REG.: Jammer hear.

DIRK: Witsto wêr't ik sin oan haw? Oan dy. Dyn kreazens is de bêste reklame foar dy. Witst dat?

REG.: O Dirk, wat bist ek in romantikus. *Reg. en Dirk tútsje inoar.*

REG.: Altyd as ik dy tútsje, krij ik sin oan sherry, nuver is dat.

DIRK: Dat is my ek wat. Mar kom, giest mei? Ik haw in tafel reservearre yn hotel-restaurant 'It Oansketten Wyld'.

(Reg pakt har tas en se gean tegearre ôf)

Sêne 2

(Ank komt op en giet yn ien fan de luie stuollen sitten. Reg. komt op, gappet en giet yn har regisseursstoel sitten. Ko komt op en rint op Ank ôf en wiist nei har)

KO: Dêr sit ik.

(Ank komt oerein)

ANK: O ja, fansels. Hoe Koe ik dat no ferjitte. Hilarysk, net?

KO: Ik soe it earder ferjitlik neame.

(Ank en Ko gean sitten. Ko pakt de krante en ferskûlet har dêr achter)

ANK/I: *(foarsichtich)* Hoe wie it op it arbeidsburo?

KO/H: *(docht krekt as heart er Ank net)* Hmm?

ANK/I: Oftst in moaie dei hân hast!

KO/H: *(in befêstigjende klank)* Uhuh.

ANK/I: Ik freegje my ôf oftst noch wat yn my ynteressearre bist.

KO/H: *(wat yrritearre)* Lit my gewoan gewurde. Ik ha de hiele dei op it arbeidsburo west.

ANK/I: Ja, en hoe wie it dêr?

KO/H: Ik ha dêr mei in stel heale soalen praat. Allegear op syk nei banen dy't der net binne en no begjinsto my ek noch oan 'e kop te seuren. Wylst ik gewoan even de krante lêze wol.

REG.: Ko, miskien moatst by de lêste sin de krante just even sakje litte ast tsjin Ank praatst. Fierder by: Lit my gewoan gewurde.

KO/H: Lit my gewoan gewurde (*Ko lit de krante sakje*). Ik ha dêr mei in stel heale soalen praat. Allegear op syk nei banen dy't der net binne en no begjinsto my ek noch oan 'e kop te seuren. Wylst ik gewoan even de krante lêze wol.

ANK/I: Ik miende altyd datst dat op it wurk diest. Mar miskien moatte wy it abonnemint fan dy krante wol opsizze.

KO/H: (*is no ynienen wol ien en al ear*) Hoesa?

ANK/I: Wy hawwe krekt in brief fan ús enerzjyleveransier krigen. Se kundigje in priisferheging fan tsien prosint oan.

KO/H: Earst de *Donald Duck* en no *It Nijsblêd*.

ANK/I: Do moatst kieze. Of de krante de doar út, of ik gean wurkjen. En dan brekst de belofte dêr'tst my mei ta houlik frege hast. As ik my dy trouwe soe, soe ik noait wurkje hoege. Witst noch?

KO/H: As ik wer kieze moatte soe, dan...

ANK/I: Mar leave, do hâldst toch noch wol fan my?

REG.: Ank, miskien moatst by dizze fraach mear klam lizze troch oerein te kommen en achter Ko syn stoel stean te gean om him oer de bol te aaien, krekt as is er in lyts bern. Begjin mar by: Mar leave...

ANK/I: (*noartsk*) Is dat echt noadich?

(Ank giet achter Ko stean. Krekt foardat se Ko oer syn holle aaie wol, docht se achter syn rêch mei har hannen in beweging dat se him smoare wol en lûkt dêrby in ferwongen gesicht)

ANK/I: (*aait Ko oer de holle*) Mar leave, do hâldst toch noch wol fan my?

KO/H: (*wer yrritearre*) Hâld toch ris op mei dy ûnsin. (*Ko docht syn hier wer goed en sprint op út syn stoel*) Fan wa hasto dit toch allegear? (*Ko liket nei te tinken*) Do hast toch net in oar of sa!

ANK/I: In oar! In oar! Hoe komst dêr no by? Ik freegje my krekt lûdop ôf oftst noch wol fan my hâldst en do beskuldigest my fan oerspul?

KO/H: It is wol de ideale ôfliedingsmanoeuvre om te freegjen oft ik noch wol fan dy hâld, sadat ik der gjin erch yn ha, wylst it in ôfspegeling fan dyn eigen dwaan en litten is.

ANK/I: Ik begjin my yndied ôf te freegjen wa't der hjir in oar hat. (*der falt in stilte. Ko rint stadich op Ank ôf*)

KO/H: (*serieus*) Tuerlik hâld ik noch fan dy. En Ingrid, ik ha gjin oar. Earst de *Donald Duck* en no *It Nijsblêd*. Al die priisstigingen jouwe my in ûnseker gefoel en soms in gefoel fan útsichtleasheid. Wat moatte wy dwaan? Yn 'e krante lies ik dat de wurkleazens wer fierder omheech gien is. En no't ik dêr sa oer neitink is dat foar in meiwurker fan it arbeidsburo eins hielendal net sa ûngeunstich.

ANK/I: Tink toch ris oan al dy wurkleazen dy't mei dy te meitsjen krije. (*Koarte stilte*) By neier ynsjen kin ik dy plannen fan my om wurk te sykjen wol op myn búk skriuwe.

KO/H: (*lilk*) Hoesa?

ANK/I: Dat soesto toch witte moatte. Hoe mear wurkleazen der binne, hoe minder kâns ik op in betelle baan ha. Binne dy wurkjouwers nei al dy jierren no noch altyd net by steat om wurkleazens foar te kommen? Of soe it se gjin reet skele kinne?

KO/H: Wat tinkst.

ANK/I: En fan de regearing hoege je ek al net folle te ferwachtsjen.

KO/H: It is allegearre koeke fan ien daai. Soene de hege hearen yn 'e polityk, mar ek de wurkjouwers harren der noch altyd oer fernuverje dat wy hieltyd ekstremer stimme?

ANK/I: Wat bist toch in man fan wize wurden, Henk.

KO/H: (*lûd*) Ja en de rest, lykas myn ôfdielingssjef, mar nei boppen ta slikje en nei ûnderen ta traapje. Sels op it arbeidsburo behandelje guon meiwurkers kliïnten dy't yn 'e bystân sitte minderwaardiger as dyjinge dy't WW hawwe, witst dat? Wylst it arbeidsburo eins in folslein oerstallige ynstânsje wêze moatte soe. Wurkleazens soe him fansels oplosse moatte. Is 't net sa? Mar dat moastst mar net fierder fertelle.

(*Reg. klapt. Sjocht nei it publyk yn 'e hope dat se dy meikrijt. Mon. komt op*)

MON: Is it toanielstik al ôfrûn?

REG.: Nee, tuerlik net. Do hast ommers noch tekst.

MON.: O ja, nim my net kwea-ôf.

(Mon. Ôf)

REG.: Bravo!

(Mon. komt wer op)

MON.: Graach dien.

REG.: *(ergere)* Ik hie it net tsjin dy, Monique!

MON.: Sorry.

(Mon. giet wer ôf)

REG.: Bravo, dat gie hartstikke goed. Ko, do meist dyn liikens wol wat mear oerdriuwe. Mei grutte gebearen. Kom oars mar oerein om dy wurden kracht by te setten.

KO: Is it dan goed as ik Ank dan ek slaan?

REG.: Wêr is dat goed foar?

ANK: Ja, wêr is dat goed foar!

KO: Om myn wurden kracht by te setten.

REG.: *(mei in djippe sucht)* Dêr moat ik nochris oer neitinke.

ANK: *(liik)* Dêr hoechst hielendal net oer nei te tinken. Wat sille wy no krije?

REG.: Okee, it slaan giet net troch. Wy gean fierder dêr't wy bleaun binne. Ko?

KO: Jammer hear. Sy mei wol in punêze ferjitte, mar ik...

REG.: Ko!

(Reg. sjocht op har horloazje)

REG.: Eh, lit ús der mar oer ophâlde. Ik fyn it wol genôch foar hjoed.

(Ank, Mon. en Ko rinne fuort om ôf te gean)

REG.: O ja, wat ik jim noch freegje woe. Wa fan jim... *(Ko, Mon. en Ank bliuwe stean en draaie harren om yn 'e rjochting fan Reg)*

Och, lit ek mar. Oant de folgjende repetysje!

(Ank, Mon. en Ko ôf. Lange stilte. De doarbel giet. Reg gau nei de rjochterkant fan it toaniel om iepen te dwaan. Dirk komt op)

Dirk, myn leafste, wat haw ik dy mist.

(Reg. en Dirk tútsje inoar)

DIRK: O, myn doke, dyn wurden reitsje myn hert. Mar wat skeelt der oan? Do sjochst sa tryst.

REG.: Ik bin gewoan wat wurch. Nee, dat is it net. Ik bin gewoan dom west.

(Koarte stilte)

DIRK: Do kinst alles tsjin my sizze, dat witst.

(Reg. knikt)

REG.: In 'e hope dat dit nije stik net wer mislearje sil, haw ik yn in opwâling besletten in part út de tekstboekjes fan de spilers te skuorren. Ik miende dat it mislearjen fan 'Oaljebollen binne de neefkes fan de Moanne' oan it spul fan de aktrises en de akteur lei. Troch ús no earst op it Earste Bedriuw te konsintrearen, tocht ik dat it spul ferbetterje soe. Mar ik krij no hieltyd mear it gefoel dat it oan de tiid leit. Minsken hawwe gewoan gjin jild mear om nei it teater te gean.

(Reg. barst yn gûlen út)

En no haw ik it iennige folsleine eksimplaar oan Ko, Ank of Monique jûn en... *(Reg. slacht de hannen foar har mûle en begjint wer te gûlen)* En ik haw al myn oantekeningen fuortsmitten en myn bestannen wiske. Sa stom.

DIRK: Mar dan fregest se toch wa't it folsleine eksimplaar hat en dan is it ommers oplost. Is 't net sa?

REG.: Ik bin sa bang dat ik troch dizze flater de greep op myn selskip ferlieze sil. Dy Ko begjint hieltyd ferfelender te wurden. *(Reg. snokt noch in kear)* De lêste tiid bin ik foar in soad dingen bang. Mocht dit toanielstik net goed gean, dan bin ik bang dat ik dit teater ferlies, dat wy fallyt gean. En dat wol ik net. It is it iennichste dat ik ha.

(Reg. barst wer yn gûlen út)

DIRK: It iennichste datsto hast? En ik dan?

REG.: Do wolst net witte hoe bang ik bin om dy ek te ferliezen, Dirk. Do bist noch altyd by dyn frou en ik soe dy graach allinnich foar my sels ha. Ik fyn it ferskriklik om mei Ald en Nij allinnich oan de oaljebollen te sitten. Om'tst do net kieze kinst tusken har en my, fiel ik my machteleas.

DIRK: Dêr hawwe wy it al sa faak oer hân. Ik wol jim beide net kwyt. Dat witst. Myn frou en ik hawwe in dochter en soms bin ik bang

om Willeke te ferliezen. Se gedraacht har de lêste tiid hiel oers. Miskien moat ik de leie by har wat fiere litte. Ik haw sels noait studearje kinnen en dêrom set ik har miskien wol wat tefolle ûnder druk, sadat se ôfstudearret. De stêd dêr't se studearret sit ek fol freeslike ferliedingen en ik bin hiel bang dat se dêrfoar beswike sil.

REG.: It is net dyn dochter mar dyn styfdochter en se is gjin bern mear.

(Reg. en Dirk falle inoar yn 'e earms)

REG.: *(hast wanhopich)* Hasto noait it gefoel datst der net oer kinst? Datst dy ôffregest wêr'tst it allegear foar dochst yn dizze ûngeunstige tiden, dêr't de wissichheid in ûnwisse faktor yn wurden is. En datst der it leafst in ein oan meitsje wolle soest.

DIRK: *(ferbaasd)* Bedoelst selsmoard?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto